



Tomke hat in lapke om 'e earm.
 'Wat is der mei dy?' freget Romke.
 'Ik ha in prikje krigen fan dokter,' seit Tomke.
 'Die it sear?' wol Romke witte.
 'In hiel lyts bytsje,' seit Tomke.
 'Tomke hat flink west,' fynt Kornelia.
 'Dêrom krijt er in kadootsje.'
 Tomke hallet it kadootsje út de boekebúk.
 Soe it in boekje wêze? Of in moaie bal?
 Gau skuort er it papier fan it kadootsje.
 Tomke sjocht... in kofferke!
 'Meitsje mar gau iepen,' laket Kornelia.
 Tomke docht it lid fan it kofferke omheech.
 En wat sjocht hy dêr?
 In termometer en in spuitsje.
 En in ding om yn de earen te dwaan.
 En noch folle mear.
 'It is in dokterskofferke,' seit Kornelia.
 'Boartsje der mar moai mei.'
 'Ik bin de dokter!' ropt Tomke.
 'En bear is siik.'
 Romke mei de mem fan bear wêze.
 'Do giest mei bear nei de dokter,' seit Tomke.
 'Dat bin ik.'
 Romke pakt bear fêst en leit him op 'e tafel.
 'Dokter, dokter!' ropt Romke.
 'Bear is hiel siik. Hy hat pine yn 'e búk.'
 Dokter Tomke hallet in ding út it kofferke.
 Hy stekt it yn 'e earen.
 Mei de oare kant harket er nei de búk fan bear.
 'Wat hearst dêr, dokter Tomke?' freget Romke.
 'Ssst, ik hear koekjes,' seit dokter Tomke.
 'Bear hat tefolle koekjes iten.'

Dêrom hat er pine yn 'e búk.'
 Bear krijt in drankje fan dokter Tomke.
 Dan is hy samar better.
 Tomke dúkt wer yn it kofferke.
 Hy pakt in spuitsje.
 'Ik wit wat, Romke!' ropt er.
 'Do krijst in spuitsje fan dokter.'
 'Ik wol gjin spuitsje ha!' seit Romke.
 'Dat docht sear.'
 'Dat docht net sear,' seit Tomke.
 'It spuitsje is net echt, hear.'
 Mar Romke lit him net prikke.
 Hy sjit fuort.
 Pats, boem tsjin in grutte plant oan.
 Kletterdekletter. De plant falt om.
 'O, sjoch dy plant no ris!' seit Kornelia liik.
 'Hoe kin dit?'
 'Tomke wol my in prikje jaan,' pipet Romke.
 'Dat wol ik net.'
 'Jou my mar in spuitsje,' seit Kornelia.
 Dat fine Romke en Tomke in goed idee.
 Prik, docht dokter Tomke.
 Kornelia is hiel flink,
 fynt dokter Tomke.
 Se gûlt mar hiel
 eefkes...

